

JITSKE KINGMA

Simen de Jong publisearre debútroman *De lêste halte* 'Us heit hat my ynspirearre'

37



'Ik hie der in middei mei ús heit op út west. It wie ien fan syn heldere dagen. Wy hiene in freondinne fan him opsocht. Ik hie nea fan har bestean ôf witten en wie ferheard oer de waarmte tusken harren. Nei ôfrin gong ik nei Hanenburg yn Snits om wat te iten en siet dêr noch wat oer te mimerjen. In man en in frou kamen flak by my te sitten en hiene it wakker oer literatuer. Wy rekken oan 'e praat en doe die bliken dat se ús heit wol koene en hiel entûsjast oer him wiene. Dat fûn ik hiel bysûnder. Ik wie bang dat er fergeffen waard en doe trof ik ynienen twa minsken dy't fol lof oer him wiene. De man sei: 'Do moatst, do móatst oer jim heit skriuwe!' Dêrnei haw ik al syn boeken lêzen. Syn taal fûn ik prachtich. Sokke taal, dy bestiet net mear.'

Skriuwer Simen Eelkes de Jong fertelt oer syn heit Eelke Simens de Jong, by de KFFB bekend as de grutte propagandist yn de bloeitiid fan har bestean. Fan Simen de Jong is koartlyn ûnder de skriuwersnamme Simen Oetie by dyselde útjouwerij syn debútroman ferskynd, foar in part skreaun út wurdearring foar syn heit.

Wy sitte op it wyld begroeide balkon fan syn statich hûs yn Bussum wyn te drinken yn in opfallend myld oktobersintsje en hy fertelt oer it boek, syn heit en de wrakseling mei it skriuwen.

'Ik haw hjir net foar neat in tekst hingjen 'Schrijven is een marteling tot de dood er op volgt'.

'Der hawwe ferskillende oanliedingen yn ferskillende tiden foar my west om te skriuwen. It begûn mei opstellen en sjoernalistike stikken. Doe't ik 16, 17 jier wie stjoerde heit my nei de gemeenteried om ferslach te dwaan. Hy wie sels sjoernalist, mar ek gemeenteriedslid. In dûbelrol en dêrom moast ik it dwaan.'

Minsken hiene altyd al tsjin Simen sein dat er skriuwe moast en yn dyselde tiid dat er yn Hanenburg mei dy twa minsken oer syn heit praat hie, kaam er mei it manuskriptbeoardielingsburo Script + yn kontakt. Hy folge in stik of wat kursussen. Op in stuit krige er de opdracht om oer in moard te skriuwen. Hy wie der earst mei oan. 'Mar ik hie in omke, dy wie hast fermoarde, dus ik tocht, dan moat ik dêr oer skriuwe. Fiksje basearre op feiten. Ik skreau earst in koart ferhaal, doe in twadde en in tredde, 'Hearemyntyd', publisearre yn *de Moanne*. By it fjirde haadstik begûn foar my it boek. Ik fernaam dat ik myn hiele ferhaal der yn kwyt koe.'

Syn heit libbe yntusken net mear. Nei syn dea die bliken dat E. S. it ferhaal fan dy omke goed dokumintearre hie. 'Nei't ús heit stoar krige ik in houten koffer mei dokuminten en dêr siet in plakboek yn, makke troch ús heit, oer de dea fan ús omke. Us heit hie allegear kranteberjochten útknipt en syn eigen kommentaar dertusken set.'

Hy springt op, pakt de koffer, helle it plakboek derút en blêdet it stadich, suver wat mimerjend, troch.

'Eins haw ik ús heit syn plakboek ôfmakke, syn ferhaalline.'

Dochs is it net it ferhaal fan syn heit. Wat in krekt byld fan E.S. troch de eagen fan syn soan siket, siket om 'e nocht. 'Minsken dy't ús heit goed kend ha, ha him net kend yn de tiid dêr't dizze roman oer giet. It beslacht fjirtjin dagen út it lêste jier fan syn libben. As je it oer E.S. de Jong ha, ha je 't oer in oare tiid.'

WRAKSELING

Stie E.S. der om bekend dat er oeral skriuwe koe – it heucht Simen noch goed hoe't er syn stikjes midden tusken alle drokte oan de kokenstafel skreau – S.E. giet it hiel wat minder maklik ôf. 'Ik haw hjir net foar neat in tekst hingjen 'Schrijven is een marteling tot de dood er op volgt'. Ik wist wa't yn myn boek de moard pleegd hie, mar mear net. Allegear romanpersoanen drongen har mar oan my op, it wie hiel dreech om se der wer út

te skriuwen. Se kamen hieltyd wer om de hoeke fan de doar. Ik waard hielendal iepenbrutsen. It fiede as waard der ynbrutsen yn myn geast. Sa'n Anet woe ik der eins hielendal net by ha, mar se kaam hieltyd wer foar 't ljocht. It boek dijde mar út. It soene wol tsien boeken wêze kinne. Sels wie ik iderkear hiel benijd hoe't it fierder gong. Ik koe der nachts net fan sliepe. Myn karakters fochten om it bestjoer oer har eigen libben. Ik wist dat it foar in lêzer tefolle wêze soe as al dy persoanen yn myn boek bleauwen, dus ik moast der wat oan dwaan.

Yn dy tiid wie taal foar my in iepenbiering. Fan it neat út kamen ferhalen en gedichten. As ik earne hinne gong naam ik foar de gastfrou altyd in gedicht mei. Waard immen 75, dan makke ik bygelyks in fers fan 75 rigels. Soks die ik earst net. Ik stie der ynienen middenyn. Dat is no noch sa. Earder wist ik wol dat it der wie, mar it kaam net nei bûten.'


No't er in roman publisearret, docht er dat ûnder in oare namme, Simen Oetie, al stiet syn echte namme wol efterop. It is dus gjin pseudonym dat geheim bliuwe moat, mar syn skriuwersnamme. 'Doe't wy yn Wânswert wennen hiene wy dêr in lyts túntsje. Ik siet faak bûten op in hobbelhynderke en, sa't minsken my al hiel faak ferteld ha, as se dan seine 'Hoi Simen', sei ik: 'Nee, ikke Oetie'. Wêrom't ik dat die, ik soe 't net witte. Ik moat in jier as twa, trije west ha. Yn dy tiid lizze myn woartels. Dat wie ik hielendal sels. Ik wie gewoan Simen Oetie. En dêrom bliuwt dat myn skriuwersnamme.'

IN FERKEARD WURD

Op de fraach oft syn heit foar syn gefoel by him oan 'e tafel siet te skriuwen seit Simen: 'Nee, dat gefoel hie ik net. Dat hat in oarsaak. Eartiids makke ik opstellen. Sa hie 'k ris in ferhaal skreaun en dat lies ik foar. Ik wie hiel benijd wat heit derfan sizze soe. Hy sei allinne mar, dat ik in wurd net goed brûkt hie en gong net op de ynhâld yn. Ik fiede my doe net serieuus nommen en bin der fuort mei ophâlden. Ik skreau allinne noch yn hiel lytse deiboekjes, sjoch.' Hy springt wer op, helle in steapeltsje fan dy boekjes mei in brún kaft foar't ljocht. Se binne folskreaun mei prigletterkes.

'Ik wie fan skoalle ôf skopt. Heit ornearre, ik moast mar nei de kweek. Ik wie doe 16 en haw sadwaande lang thús wenne. Ik kaam yn dy tiid net maklik bûten mysels. Ik wie in hiel serieuze jonge. Yn 1964 bin ik nei Grins ta gien. Dat wie doe noch in stive stêd. No swingt it dêr, mar doe noch net. Ik woe de jierren dy't ik ferlern hie ynhelje en studearre as earste ôf, psychology. Mei beide hie ik net sa folle, mei de kweek net en mei psychology ek net. Mar ik haw der wol wat mei dien. Achterôf tink ik, ik hie faaks mear mei it skriuwen dwaan moatten, dêr hie ik mysels grif better yn kwyt kind.'

Yn 1967 gong er nei Amsterdam, wie belutsen by studinteprotesten, de besetting fan it Maagdenhuis yn 1969 en



DICK EISMA EN SIMEN DE JONG. FOTO: BRAM BURUMA

waard minister foar de Oranje Vrijstaat fan de Kabouterbeweging (oant 1974). Hy wurke doe by it JAC (jongerein advys sintrum) as psycholooch, ûndersiker en aksjeman en hat letter jierrenlang

ha soene mar hy hat my dêr nea nei fregge. Doe haw ik wol tocht, hoe hat er my sjoen? Wy wiene it polityk meastal net iens. Ik siet yn de gemeenteried, krekt as hy. Mar hy foar it CDA en ik foar

Ik besocht yn it skriuwen de soarte fan yntimiteit te finen dy't ik mist haw.

koördinator west fan in steatekommisje foar flechtelingewurk. Syn parabel 'Een geur van verlangen' (2001) tsjûget dêrfan.

RELAASJE MEI HEIT

Simen hat it idee dat er syn heit pas nei syn ferstjerren wat better kennen leard hat. 'Ik kom no hieltyd minsken tsjin dy't wat fan him krigen ha, gedichten bygelyks. De minsken dêr't er dy oan jûn hie, seine dat ús heit tocht dat syn bern der gjin ynteresse foar

de Kabouters. Hy foar de polityk, ik der tsjinyn. Wy diene itselde en lutsen oan de maatskippij, in hynder foar de wein en ien derefter.'

It is no net drekt sa dat Simen der muoite mei hat dat it sa gien is. Wol is er bliid mei wat er fan syn heit hat, dy koffer bygelyks. Mar dy wie ek net echt foar him bestimd. 'Myn suster hat him my taskood. Der siet ûnder oaren in hiel nijsgjirrich deiboek út de oarlochstiid yn, dêr't ek myn eigen berte, ik bin de

âldste, yn beskreaun stiet. It giet oer hoe't minsken de oarloch trochkamen, yn hiele lytse nijsgjirrige details. Gjinien woe it ha, want it kaam te tichtby. It kaam my ek tichtby, mar ik dûkte der hielendal yn en begûn my yn him te ferdjipjen. Sa begûn ik ek syn geheime leafde te begripen en yn de tiid te setten. Yn *De lêste halte* haw ik ús heit eare wold troch syn emoasje nei foaren te heljen: Fryslân, Alma Tadema en Gysbert Japicx bygelyks. En ek dy leafde. Us âlden wiene net lokkich troud. Ik fûn it prachtich doe't ik ûntduts dat der ek noch wat oars wie en dat dy leafde fan beide kanten kaam. Platoanysk, dat wol, mar trou oant yn 'e dea. Dêr leit in hiel soad treast yn.'

Op de fraach oft it skriuwen dan ek benammen in wrakseling mei syn heit west hat, seit Simen: 'Yn it goeie. Ik besocht yn it skriuwen de soarte fan yntimiteit te finen dy't ik mist haw. Dy sit dan bygelyks yn hoe't Minnema omgiet mei syn heit nei syn dea, wat dy allegear seit, foar in folwoeksen soan hiel ûngewoan. Fansels, der is gjin wurd sein dat yn it boek krekt sa opskreaun is. Ik kaam mei allegear minsken yn kontakt dy't my fertelden hoe't ús heit wie, wat er die en hoe't er alles oanpakte. Sa kaam ik ek tichterby him. Ik krij yn KFFB-fermidden iderkear te hearren dat ik krekt ús heit bin. Mar sa'n presintaasje as ik by myn boek hie, nei ôfrin santich iters dêr't ik sels it iten foar klear hawwe moast, soe ús heit hiel oars oanpakt ha. Dat wie dan yn it stedhûs hâlden en de gemeente hie alles betelle. Hy hie altyd in wervjend soarte fan optreden. Dat lit ik minder sjen.'

KRITYK

Op de fraach oft er krityk krijt op de wize dêr't syn heit op nei foaren komt seit er: 'By de earste ferzy wie dat wol sa. Se seine tsjin my dat ús heit der net goed ôf kaam yn fergelyk mei omke. Doe ha'k dat feroare, want dat woe ik net.'

Hat er der ek net in spannend ferhaal mei in soppige sêne úthelle om't dy net troch de mesken fan de karkommisje kaam? Simen laket. 'Ja, dat kloppet, dêr hiene se wat muoite mei. En it boek wie dochs te lang, as der dan wat út moast koe dat it moai wêze.'

Troch de knibbels foar it gesach fan eartiids? Simen laket wer.

'Sa wie it ek wer net. Sa'n metafoar om de haadpersoan yn syn gefoel te beskriuwen wie in tafjeft, it koe in lêzer ophâlde. Der gie folle mear út. Dêr kin ik dan letter nochris mei oan 'e gong. As ik oan 't skriuwen bin, moat ik my hieltyd ynhâlde. Ik bin net it hynder, ik bin de wein. Dat wie in út 'e hân rûne anekdoate, yntusken as koart ferhaal ûnder de titel 'Sierra Nirwana' opnommen yn *de Moanne*. Troch it der út te heljen wurdt it boek net minder of better. En dat ferhaal krijt dochs wol in plakje.'

Simen hie graach wold dat er wat earder wat persoanliker mei syn heit omgean kind hie. 'Dat barde pas doe't er ôfhinklik fan my wie. Doe kaam er tichter by my. Dat fan dat ferkearde wurd yn it ferhaal fyn ik no allang net mear slim. Ik fiel gjin wrok of sa. Sokke dingen binne dan net mear wichtich. By it skriuwen wie ik echt oandien by guon passaazjes oer foar my dierbere dingen.'

Sa is it boek foar him, mar hy realisearret him dat dat foar syn lêzers hiel oars is. 'Minsken woene in boek oer hoe't er wie. Dêr wachtsje se al hiel lang op. Mar dêr giet it net oer. En de oanlieding is ek hiel banaal: dy kursus en ús omke dy't fermoarde waard. En doe kaam hy deryn. Mar hy hat wol de measte ynfloed op it gehiel hân. En hy is oant op it omslach oanwêzich. Fierders sitte der allegear lytse grapkes yn, foar insiders. Oer Welmoed Hemrica bygelyks, ien fan syn skûlnammen. En ik neam him Snop Sop yn plak fan Kop Sop, de namme wêrûnder in protte him koene.'

Simen tinkt dat syn heit bliid wêze soe mei dit boek. 'Myn suster koe it net útlêze, it kaam te tichtby. En myn broer sei: 'Dat kinst net meitsje! Boppedat bist folle better yn koarte ferhalen!' Mar it is net ús heit. It is syn skriuwen dêr't ik mei fierder gean. It is net wát mar dát ik skriuw. Ik besykje Alma Tadema en Gysbert Japicx libben te meitsjen, want dy binne der net mear. Sa besykje ik ek ús heit libben te hâlden, want dy is der ek net mear. Dat doch ik bygelyks troch Welmoed Hemrica nei foaren te heljen. En dêrom ek by de KFFB. Hy hat my ynspirearre. En ik tink dat er der om gnysket.'

Simen Oetie, *De lêste halte*. Utjouwerij KFFB, 262 siden, € 14,00